

**Nijjerstaspraak drs. A.A.M. Brok, KfdK fan de provinsje Fryslân
Freed 12 jannewaris 2024.**

Bêste minsken,

Mannich bestjoerder begjint it nije jier mei in skôging fan it ôfrûne jier en hat dêrnjonken de stelling dat wy yn drege tiden libjen mei in soad ûnwissens...

Harkers wurde dan meinommen yn in bespegeling dy't net perfoarst hope jout.

Gauris is in nijjerstaspraak fermongen mei nostalgy en fan: *'ear tiids wie dochs alles better.'*

Hoefolle makliker wie it yn 'e tiid fan ús pake en beppe soest sizze kinne...

It Brabânske wat otterdokse Roomsk-Katolike miljeu, dêr't myn pake en beppe ûnderdiel fan wiene, wie oersichtlik. De Katholieke Illustratie mei prachtige foto's en reportaazjes joech it byld fan 'e bûtenwrâld en de missy yn it bysûnder.

Op snein giene se nei de Heechmisse en op 'e radio fersoarge pater Leopold Verhagen de deisluting.

Hoe is it no?

Daan Rovers, filosoof en earder *'denker des vaderlands'*, stelt lêsten yn in essay dat jonge minsken al sûnt Plato wrakselje mei fragen as,

- ik sitearje - :

"Is dit de wereld waarmee ik het moet doen? Hoe ga ik hiermee verder? Iedere generatie moet zichzelf beschaven. We kunnen niet teren op wat generaties in de achttiende of negentiende eeuw hebben meegemaakt."

- ein sitaat -

Mondiaal, dus ek yn Europa en Nederlân, is al ôfskie nommen fan de tradisjonele hearskippij fan wat men de saneamde bestjoerlik politike streamings neamde.

Yn 'e polityk giet it hieltyd mear om de persoan en it tal sweevjende kiezers nimt ta.

De opkomstpersintaazjes by de lêste ferkiezings wiene relatyf heech en de stelling dat de polityk net libbet kin dus net ûnderskreaun wurde...

Net earder waard yn 'e Nederlânske polityk in ienmansfraksje, BBB, yn alle provinsjes de grutste en dus ek yn 'e Earste Keamer.

En in dei foar de ferkiezings fan 22 novimber hie net in opinyeiler foarsein dat de PVV fierwei de grutste partij fan Nederlân wurde soe.

Lanlik, mar ek provinsjaal, hawwe de saneamde mear tradisjonele partijen it der dreech mei om te erkennen dat it partijpolitike lânskip feroare is...

De *'folksferhuzing'* fan de iene nei de oare partij sil lykwols hieltyd faker foarkomme...

Fiif jier lyn wie de grutte winner by de Europeeske ferkiezings de PvdA en ferdwûn de PVV út it Europeesk Parlemint ... Witte jo dat noch?

Wêr't jo polityk ek stean meie, yn ús lân bliuwt it nedich om koälysjes te smeien, yn 'e polityk, mar ek yn 'e mienskip!

Net ien hat it hjir allinne foar it sizzen. Dat is mar goed ek!

Faaks is dat ek de krêft fan ús demokrasy ...

It is myn oertsjûging datst allinne fierder komst ast ree bist om echt gear te wurkjen.

Fertaald nei de provinsjale polityk mei fjirtjin partijen, betsjut it datst akseptearje moatst as in oar it in kear mear foar it sizzen hat.

Mar de grutste hoecht him net as grutste te hâlden en te dragen en de lytste hoecht him nea as lytste te fielen...

Meiinoar dus!

Uteinlik hat elk syn mandaat krige en hawwe alle partijen ideeën dêr't Fryslân fierder mei komme kin.

Dêrby komt dat de provinsje, it middenbestjoer, útdruklik oan set is.

De grutte strategyske opjeften yn it romtlik/ekonomysk domein, dêr't wy ferantwurdlik foar binne, binne liedend foar de wurklist foar de kommende jierren. Mar ek tema's as berikberens, de takomst fan ús taal, in fitale ekonomy en it wenjen freegje ús omtinken.

It bliuwt de útdaging om foar de 657.000 ynwenners fan Fryslân de goede dingen te dwaan. In noch yntinsivere gearwurking mei de achttjin gemeenten en it wetterskip is dêrby wat my oanbelanget fanselsprekkend.

En, ja... ek ik meitsje my soargen oer de konflikten yn 'e wrâld. Israël, Gaza, Oekraïne en al dy oare brânkearnen ... En stel no ris dat de Folksrepublyk Sina yndie op har 75^{ste} jierdei op 1 oktober Taiwan binnenfalt... wat hat dat foar gefolgen foar de wrâld en Europa?

Tichter by hûs binne der ek hoopfolle barrens. Faaks lyts, mar dochs ... Op twa jannewaris rûn ik mei deputearre Folkerts en ús sekretaris/direkteur troch de organisaasje om alle minsken lokkich nijjier te winskjen...

In nije meiwurker fertelde my dat hy grutsk wie op syn baan by de provinsje. Fjouwer en in heal jier lyn wenne hy, flechte út Syrië, mei syn húshâlding yn it AZC yn Balk, mar hy wie no in 'Ouwe Seun' wurden.

It makket net út wêr'tst wei komst, it giet derom wêr'st hinne wolst mei dyn libben en hokker bydrage ast leverje wolst.

Dat jildt foar jimme allegearre dy't hjir binne. Oft jo no direkteur fan in bedriuw binne of fan in ûnderwiisinstelling, supporter fan Cambuur of lid fan de Oeietoeters: wêr wolle jo fan 't jier nei ta yn 'e provinsje dy't ús dierber is?

Yn it boek: *'Wie kies je om te zijn, Gesprekken en gedachten over een nieuwe tijd'*, freget Roek Lips him ôf oft der ek in realistyske manier is om hoopfol te bliuwen. Hy stelt dat it libben per definysje ûnwis is.

'Snelle meningen helpen ons niet verder, maar wel nieuwsgierigheid en opmerkzaamheid'...

Heechlearaar Paul de Blot fan Nyenrode, al ferstoarn, siet fiif jier yn in konsintraasjekamp, hie trije oarloggen meimakke en hie gjin famylje mear. Hy wist net wêr't syn heit en mem begroeven wiene.

Hy stelde – ik sitear -:

‘Als je dankbaar bent, ben je altijd tevreden. Als je elke dag opschrijft waarvan je deze dag genoot en je herleest dat, dan blijf je genieten van je leven en is er geen ruimte meer voor de bittere ervaringen. Je moet jezelf programmeren. Er is maar een ding echt belangrijk; dat ik mens ben, voor andere mensen, met ander mensen’.

- ein sitaat -

En sa is it!

Bêste minsken, ik slút ôf...

It libben seach der sa foar it each yn ‘e tiid fan ús pake en beppe oersichtliker út.

It Nederlânske politike lânskip yn ‘e tiid fan de Freule Wttewaall van Stoetwegen en boer Koekoek wie faaks evenrediger en minder polarisearre. Mar ek doe wie de takomst ûnwis.

Salang at wy nijsgjirrich binne, skerp bliuwe, tankberens toane en genietsje fan it libben, kinne wy meielkoar de takomst yn’e mjitte trede.

Of, sa at Aggie van der Meer, winner fan de Gysbert Japicxpriis yn 2019 skreau yn har gedicht *‘De tiid, It duorjen’* :

Dit seit de ingel;

*“Lokkich it lân dêr’t de frije geast de tiid ferstiet,
De romte krijt en nimt.
En yn mienskip mei de tiid de krêft ynset om te behâlden
Wat ta frede en wolfielen liedt.
Lokkich it lân dat minsken de lust jout om te meitsjen
Wat har hannen foar har lok en tefredenens meitsje kinne;
Lokkich it lân dat minsken oanset
Om har tinken nij en de tiid tasizzend te meitsjen
En fan einigjen net wit.”*

Ik winksje jimme, út namme fan it provinsjaal bestjoer, lok en foaral seine yn it jier dat foar ús leit!